



# Tosken yn in nije tiid

2025-2028

Mei-inoar foar in ryk kultureel  
lânskip yn Fryslân



<b>Foarwurd</b>	<b>5</b>
<b>Ynliding</b>	<b>8</b>
<b>Fyzje en ambysje</b>	<b>10</b>
Wearde fan keunst en kultuer	
Rolopfetting en posisjonearring	
Ambysjes	
Ambysje 1	
<b>Elkenien kin meidwaan</b>	<b>15</b>
1A Amateurkeunst	
1B Kultueredukaasje	
Ambysje 2	
<b>Tagonklik, oansprekkend en heechwaardich kultureel oanbod</b>	<b>19</b>
Ambysje 3	
<b>Kânsen foar talint</b>	<b>23</b>
Ambysje 4	
<b>Museums as hoeders fan it ferhaal fan Fryslân</b>	<b>25</b>
<b>Fryslân, Noard-Nederlân, it Ryk en Europa</b>	<b>28</b>
<b>Kultuermonitor</b>	<b>30</b>
<b>Finansjeel oersjoch 2025-2028</b>	<b>32</b>
<b>Voetnoten</b>	<b>34</b>
<b>Kolofon</b>	<b>34</b>



Ritse @Fenix Festival, Friesland Pop 2024

## Foarwurd

Foar jo leit de nije kultuernota mei de namme *Tosken yn in nije tiid*. De beliedsnota foar keunst en kultuer foar de perioade 2025 oant en mei 2028. As Provinsje ynvestearje wy de kommende jierren wer rom yn it Fryske kulturele fjild. Dat dogge wy omdat keunst en kultuer ús wat wurdich is. Mei in eigen taal, in ferline en in takomst wêrby't wy yn ferbining steane mei Europa en de wrâld, selsbewust en grutsk op wa't wy binne. Mei in ryk kultureel fjild dêr't romte foar talintúntwikkeling yn is: fan de toanielfoarstelling dy't it doarpshûs mei kloften minsken fol kriget, it âldste festival fan Nederlân - it Veenhoopfestival - oant grutte produksjes as De Tocht en de triënnales fan Arcadia, dy't minsken út it hiele lân en fier dêr bûten nei Fryslân bringe. En ferlike mei oare provinsjes in hiel soad museums. Fryslân hat it en rêdt dermei!

Yn dizze nota sjogge jo benammen ek in soad omtinken foar ús jongerein en de tagonklikens ta keunst en kultuer. Mei 412 doarpen en 11 stêden besykje wy elkenien tagong te jaan om op in ûntdekkingsreis te gean. Him of har te ûntwikkeljen en kânsen te jaan. It slút dêrmei ek goed oan by it advys fan de Ried foar Kultuer oer it lânlik kultuerbestel: tagonklikens en regionale sprieding. Wy hoopje dan ek op in radikale stelselwizing foar de perioade nei 2029. Us ynset op in mear rjochtfeardige ferdieling fan middels sil sûnder ophâlden trochset wurde.



As Provinsje binne wy grutsk op ús kulturele fjild. Keunst en kultuer fertelle de ferhalen dy't ús bine troch. Somtiden hâldt it ús ek in spiegel foar en dat is wichtich yn it rûzige tiidrek dêr't wy yn libje. Wy sette ús tosken yn in nije tiid, mei-inoar foar in ryk kultureel lânskip yn Fryslân!

Sijbe Knol  
Deputearre Kultuer  
Provinsje Fryslân



Bevrijdingsfestival Fryslân 2022

# Ynlieding

Yn Fryslân binne keunst en kultuer rûnom. In greide is it de kôr foar in teäterfoarstelling, yn in leechsteand kantoarpân litte jonge keunstners harren wurk sjen, in eardere tsjerke tsjinnet as útfalsbasis foar jonge talinten, yn in doarpshûs oefenet de iene dei in fanfare en de oare dei in koar.

Yn Fryslân binne keunst en kultuer fan elkenien. Bern wurkje op skoalle oan in filmprojekt en fertelle dêr thús oer, jongerein komt byinoar op in popfestival, hiele doarpen sette, fan jong oant âld, de skouders ûnder in iepenloftspul, museumbesikers komme yn oanrekking mei de skatkist oan ferhalen dy't Fryslân ryk is.

Wy binne grutsk op de ûnskiedbere ferbûnens tusken keunst, kultuer, de Fryske taal en ús mienskip, krekt as de mooglikheid foar talinten om har yn Fryslân ûntwikkelje te kinnen.

As provinsje steane wy dêrom foar it kulturele libben yn Fryslân, yn de breedste sin fan it wurd. Ek yn de kommende jierren wolle wy ús wer ynsette foar in provinsje dêr't keunst en kultuer fan wearde binne, foar elkenien.

Dat binne net allinne subsidiearre partijen, mar bygelyks ek bioskopen of grutte eveneminten as Oerrock en it Veenhoop Festival. As provinsje ynvestearje wy yn organisaasjes en yndividen dy't oantoanber in bydrage leverje oan ús ambysjes en ús stipe dêrby nedich hawwe. Mei-inoar foarmje al dy partijen it Fryske kulturele ekosysteem. Mei-inoar jouwe se foarm oan it rike oanbod fan keunst en kultuer, dêr't likegoed Friezen as besikers fan bûten de provinsje fan genietsje kinne.

Yn de ôfrûne tsien jier hat de provinsje Fryslân folop yn keunst en kultuer ynvestearre. De Fryske kultuersektor is dêrtroch ferrike mei nije inisjativen op it mêd fan film, taal, byldzjende keunst, teäter, en muzyk. It kulturele haadstêdjier *Ljouwert-Fryslân 2018* hat ús provinsje útdrukliker as kulturele regio op 'e (ynter)nasjonale kaart set. It ferfolch hjirop, Arcadia, hat mei de earste triënnale yn 2022 sjen litten dat ek dy foarm krêftich wurket: ien kear yn 'e trije jier in ambisjeuze, trije moannen duorjende manifestaasje, dêr't it unike fan de Fryske kultuer yn sichtber wurdt, en dêr't frijwilligers, it amateur- en profesjonele fjild diel fan útmeitsje. Mar de legacy fan it kulturele haadstêdjier is breder: it hat ús beseffe litten dat wy yn Fryslân, as wy krêften bondelje, fantastyske dingen delsette kinne. In moai foarbyld dêrfan is *De Tocht*, dêr't kultuermakkers, ûndernimmers en frijwilligers skouder oan skouder yn wurke hawwe.

Yn de ôfrûne perioade foel it kultuerbelied ûnder de nota *Nij Poadium*, mei it belied foar taal en erfgoed. Yn *Nij Poadium* is mei klam in nije koers ynset, om fernijende ympulsen krêft by te setten. It subsydzjebestel waard yngeand op 'e nij besjoen, om kânsen te jaan oan nije inisjativen en fêstige partijen te prikeljen. Dy nije systematyk hat fertuten dien. Dat blykt út it grutte tal kulturele partijen dat yn de perioade 2021-2024 foar it earst provinsjale subsydzje takend krigen hat. Dêrneist waard in soad klam lein op ynnovaasje. Dy ynset hat hydroegen oan de realisasje fan in soad bysûndere produksjes, lykas *Ut Liwwadder Bieroproer*, *Luna Waterstad 2022*, *Broei* en *Het Verdriet van de Zuiderzee*.

De hjoeddeistige situaasje is oars as yn 2020, doe't *Nij Poadium* ta stân kaam. Ynstellingen binne groeid. Se hawwe in grutter berik, meitsje mear produksjes, makkers streamere troch en gearwurkingsferbannen binne fersterke. Oan de oare kant hat de kultuersektor de ôfrûne jierren te krijen hân mei foarse kostestigingen oan likegoed de personele as de materiële kant. Dêrby komt dat wy as provinsje sels ek skerper oan 'e wyn sile moatte as fiif jier lyn. Der is minder budzjet beskikber en it is dêrom noch mear fan belang om skerpere karren te meitsjen: wêr binne wy as provinsje echt ferantwurdlik foar, wat fine wy wichtich en hoe sette wy it beskikbere jild sa effektyf mooglik yn. Dêrby rjochtsje wy ús ek op kânsen foar de Fryske kultuersektor op ynternasjonaal en Europeesk nivo.

Us útgongspunt foar de kommende jierren is dat it belibjen en meitsjen fan keunst en kultuer foar elkenien yn Fryslân tagonklik wêze moat en dat ús kultueroanbod foar besikers de muoite wurdich is. Allinnich dan komme de persoanlike, maatskiplike en artistyk-ynhâldlike wearden fan kultuer goed ta harren rjocht. Dat útgongspunt meitsje wy konkreet yn de neikommende fjouwer ambysjes:

1. Alle Friezen hawwe tagong ta keunst en kultuer, yn it bysûnder bern en jongerein.
2. Keunst en kultuer ferrykje ús provinsje. In kwalitatyf heechwaardich oanbod, dêr't likegoed ynweners fan Fryslân as besikers fan genietsje kinne, stiet foarop.
3. Talint fynt binnen en bûten ús provinsjegrinzen folop de romte om himsels te ûntjaan en sjen te litten.
4. Kulturele ynstellingen, en yn it bysûnder museums, fertelle it ferhaal fan Fryslân oansprekkend en op in aktuele wize.



Fanfare Eendracht Maakt Macht, Aldegea SWF 2024

Dêr heart by dat wy as provinsje yn de perioade 2025-2028 op 'e nij foars ynvestearje yn kulturele ynstellingen, museums, kultuerûnderwiis en talintûntwikkeling. Neist de strukturele middels – goed € 8,8 miljoen jiers – sette wy yn de kommende fjouwer jier € 17,5 miljoen út de provinsjale reserves yn.

## Lêswizer

Nei dizze ynlieding folget in algemiene beskriuwing fan ús fyzje op keunst en kultuer. Wy beljochtsje wat neffens ús de ekstra wearde fan kultuer is, wy beskriuwe hokker rolopfetting wy sjogge foar de provinsje Fryslân, en wy ljochtsje de ambysjes koart ta.

Dêrnei geane wy neier yn op de fjouwer ambysjes. Nei in koarte ynlieding beskriuwe wy hieltyd wat wy op it stuit sjogge, wat wy berikke wolle, hoe't wy dat dwaan wolle en wat dy útfiering kostet. In oantal ûnderdielen wurdt neier taljochte.

Dêrnei beskriuwe wy de kontekst fan de foar de provinsje relevante gearwurkingspartners – yn it bysûnder oare oerheden – en wat wy mei harren berikke wolle om keunst en kultuer yn Fryslân sterker te meitsjen.

Fierder ljochtsje wy ta hoe't wy de effekten fan it provinsjale belied yn de kommende jierren better ynsichtlik meitsje wolle. Dêrby rjochtsje wy ús foaral op de ûntwikkeling fan de twajerlikse Kultuermonitor Fryslân.

De nota slút ôf mei in finansjeel oersjoch.

# Fyzje en ambysje

## Wearde fan keunst en kultuer

Provinsje Fryslân stelt de wearde fan keunst en kultuer foar de mienskip sintraal. Dizze oanpak is ús útgangspunt foar belied.<sup>1</sup> Neist de artystyk-ynhâldlike wearde (it unike dat tekenjend is foar kultuer) binne de maatskiplike en de ekonomyske wearde ûnderdiel fan dizze oanpak. Dy wearde leverje in bydrage oan brede wolfeart.<sup>2</sup> Brede wolfeart giet oer tema's dy't bydrage oan kwaliteit fan libjen, kwaliteit fan de sosjale leefomjouwing en kwaliteit fan de fysike leefomjouwing en de gearhing dêrtusken. Kultuer is ien fan de ûnderskiedende tema's.<sup>3</sup>

### Artistyk-ynhâldlike wearde

Keunst en kultuer hawwe in wearde yn harsels. Kulturele uteringen bringe troch kreative ekspresje betsjutting en ferbylding fuort en kinne minsken yn it moed taaste, oan it tinken sette, ferwûnderje en bûten de kaders leare te stappen. Keunst hat sizzenskrêft.

De artistike wearde giet út fan de kwaliteit fan it oanbod, de artistike reputaasje, de posysje yn de kulturele string, kreative ûntjouwing en talintúntwikkeling, de ympakt op it publyk, refleksje op it bestean en yndividuele ûntjouwing.<sup>4</sup>

### Maatskiplike wearde

Keunst en kultuer meitsje op natuerlike wize diel út fan it maatskiplik libben. Bern en jongerein komme dermei yn oanrekking op skoalle, mar ek dêrbûten. Minsken harkje nei muzyk, geane nei in festival, sjonge yn in koar, dogge mei oan in lepenloftspul, spylje yn in fanfare, lêze boeken en geane nei in museum. Foar in soad minsken is kultuer dêrmei in populêre frijetidsbesteging. Dêrneist blykt dat keunst en kultuer in positive útwurking hawwe kinne op bygelyks de mentale súnens fan kwetsbere minsken.<sup>5</sup>

Yn it mei-inoar meitsjen of belibjen, ferbine keunst en kultuer minsken mei-inoar. As provinsje Fryslân hechtsje wy in soad wearde oan de leefberens fan ús stêden en doarpen. De rol fan muzyk- en toanielferieningen dêryn is, likegoed yn lytse plakken as yn stedswiken, net te ûnderskatten. It draacht by oan sosjale kohezje fanwegen it mienskiplik organisearjen, repetearen, en it dielen fan it resultaat mei buorlju. It is dan ek fan grut belang dat kultuerpartisipaasje foar elkenien sa tagonklik mooglik is.

Ek hawwe keunst en kultuer it fermogen om by te dragen oan it oplossen fan grutte opjeften dêr't wy as mienskip foar steane. Fan sosjale kwestjes oant de mear 'taastbere' útdagingen yn ús lanlik gebiet. In foarstelling of tentoanstelling kin ús bygelyks in nij ynsicht jaan yn in aktueel maatskiplik tema. Yn in tiid dêr't minsken faak stevich stelling yn nimme en dêrtroch samar foarinoar oer komme te stean, kinne kulturele uteringen helpe om de ferskillen te oerbrêgjen.

### Ekonomyske wearde

De rol en betsjutting dy't kreative yndustry en kreative professionals foar stêden en regio's ferfolje, is dat sy soargje foar in kreatyf en ynnovatyf klimaat. It ferheget de kwaliteit fan libjen yn de regio, wat in oanlûkingskrêft hawwe kin op talint dat aktyf is yn oare sektoaren. Keunst en kultuer drage by oan in oantreklik fêstigingsklimaat, oan wurkgelegenheid,<sup>6</sup> en oan libbener stêden, wiken, buerten en doarpen. Troch te yvestearjen yn artistike kwaliteit en in oansprekkend en him ûnderskiedend kultureel oanbod giet de oanlûkingskrêft fan de regio omheech. Dat smyt besikers op dy't ien of mear dagen yn Fryslân ferbliuwe. Dêrmei wurdt in ekonomyske spin-off realisearre.

## Rolopfetting en posisjonearring

As provinsje beskôgje wy it as taak fan de oerheid om keunst en kultuer te fasilitearjen en stimulearjen. Net alle oerheden hawwe dêryn deselde rol. De provinsje is wat ús oanbelanget foaral oan set by de mearjerrige stipe fan kulturele ynstellingen dy't boppe it lokale belang útgeane, en dy't foar in oantreklik regionaal foarsjenningnivo krúsjaal binne. Dêrby tinke wy oan stipeynstellingen foar it kulturele fjild, opliedingsynstellingen, en oan produsearjende organisaasjes dêr't yndividuele gemeenten net ferantwurdlik foar steld wurde kinne. Dêrneist hat de provinsje in rol as it giet om de sprieding en de tagonklikens fan it kulturoanbod en – krekt as yn guon oare domeinen – by it stimulearjen fan ynnovaasje. Bûten dy kearntaken hat de provinsje Fryslân in lange tradysje fan stiper fan kulturele inisjativen, lykas konserten en foarstellingen.



De rolopfetting fan de provinsje Fryslân op it mêd fan kultuer is dêrmei al jierrenlang breed. Dat is ek werom te sjen yn de budzjetten. Ta yllustraasje in tal sifers út de *Nulmjitting Kultuer-monitor Fryslân*. Yn 2021 joegen Nederlânske provinsjes yn trochsneed € 19 de ynwenner út oan kultuer, de provinsje Fryslân € 60<sup>7</sup>. De ôfbeakening fan kultuer yn dy sifers omfettet ûnder oare taalbelied, wat yn oare provinsjes folle minder spilet. Mar ek sûnder de útjeften foar it Frysk en streektaal mei te rekkenjen, wiene de yvestearringen yn kultuer fan de provinsje Fryslân foars boppe it gemiddelde.

Dêr stiet tsjinoer dat Fryske gemeenten minder besteegje oan kultuer as it lanlik gemiddelde: yn 2021 € 85 de ynwenner, njonken in lanlik gemiddelde fan € 118. En fan de lanlike kultuer-subsydjes kaam mar in fraksje by de Fryske ynstellingen terjochte.<sup>8</sup> Yn de perioade 2021-2024 goed 1% fan de BIS-subsydjes, en 2% fan de subsydjes dy't de seis Rykskulturfûnsen ferdiele koene.<sup>9</sup>

### Feroaring lanlik kultuerbestel

De wichtige rol dy't wy hawwe yn it stypjen fan keunst en kultuer is út noch yn net in lêst. Wy binne grutsk op de moaie dingen dy't wy foar en mei ús kulturele fjild bewurkmasterje. Tagelyk fine wy ek dat der sprake wêze moat fan in lykwichtige sprieding fan ferantwurdlikheden tusken ferskate oerheden. De Ried foar Kultuer hat yn jannewaris 2024 it startskot jûn foar it op 'e nij besjen fan it lanlik kultuerbestel. Dêryn komme ûnder oare in bettere taakomscriuwing fan de ferskate oerheden, en in earliker sprieding fan ryksmiddels oer it lân oan 'e oarder. Saken dy't it kulturele libben yn Fryslân sûnder mis te'n goede komme kinne.

Op grûn fan ús provinsjale rol yvestearje wy yn de kommende jierren, yn 'e mande mei oare oerheden, kommersjele partijen en partikulieren yn keunst en kultuer.

It kultuerbelied fan de provinsje slút dêr't dat mooglik is oan by lokaal en lanlik belied, en op belied fan ynterprovinsjale en stedske regio's. Keunst en kultuer binne ferbûn mei oare beliedsmêden, lykas erfgoed en taal, it sosjaal domein en frijetiidsekonomy. Wy wurkje gear mei kollega's om kânsen dy't der lizze te benutten.

Om keunst en kultuer yn Fryslân te fersterkjen, en sa by te dragen oan de tagonklikens en fersprieding dêrfan, fine wy it wichtich dat Fryske kultuerynstellingen mear profitearje fan middels dy't troch it Ryk en de Europeeske Kommisje beskikber steld wurde. Dêrneist wolle wy dat ús kultuerfjild yntinsiver gearwurket om kânsen op eksterne finansiering te fergrutsjen. De provinsje sjocht in rol foar harsels weilein yn it, foar safier't dat mooglik is, stimulearjen fan dy gearwurking troch de wei fan kofinansiering, kennis en slachkrêft en dúdlike posisjonearring yn netwurken en lobby.

## Ambysjes

Us haaddoel is dat it belibjen en meitsjen fan keunst en kultuer foar elkenien yn Fryslân tagonklik wêze moat en dat ús kultuer-oanbod ek de muoite wurdich is foar besikers. Dat útgangspunt liedt ta de ûndersteande fjouwer ambysjes. Dêrby draacht alles dat wy as provinsje op kultureel mêd dogge, en alle projekten en ynstellingen dy't wy finansjeel stypje, by oan ien of mear fan dy ambysjes.

### 1. Elkenien kin meidwaan

In wichtige wearde fan keunst en kultuer leit yn it sels beoefnen dêrfan, al as net yn groepsferbân. Alle Friezen dy't dat wolle, moatte yn de buert de mooglikheid hawwe om mei-inoar of yndividueel artistyk dwaande te wêzen. Twa wichtige pylders dêrûnder binne ús rike ferieningslibben en it oanbod fan kultueredukaasje op skoallen. Wy fine it wichtich dat der passend oanbod is foar elkenien. Der moat wat te kiezen wêze foar elk. Dat jildt foar kultuerbesite, foar sels meidwaan en de mooglikheid om talint fierder te ûntwikkeljen.

### 2. Tagonklik, oansprekkend heechwaardich kultureel oanbod

Keunst en kultuer ferrykje ús provinsje. In kwalitatyf heechwaardich oanbod, dêr't likegoed ynweners fan Fryslân as besikers fan genietsje kinne, stiet foarop. De basis dêrfoar is in sterke profesjonele keuntesektor. In sektor dy't bestiet út sûne ynstellingen, dy't each hawwe foar wat der spilet yn de mienskip, dy't mearwearde sjogge yn ûnderlinge gearwurking en oandacht hawwe foar de Fryske taal.

### 3. Kânsen foar talint

It kulturele libben hat allinnich takomst as keunstsinnich talint de kâns krijt him te ûntwikkeljen. Binnen de provinsje moatte talintfolle makkers mooglikheden hawwe om har te ûntwikkeljen. Nei it ôfsluten fan in keunstoffakoplieding krije se ek hjir kânsen om har fierder te ûntwikkeljen as (keunst)professional.

### 4. Museums as hoeders fan it ferhaal fan Fryslân

De ferhalen dy't ús as Friezen bine, of dy't krekt ús ferskaat sjen litte, binne it wurdich om ferteld te wurden. Om se relevant en oansprekkend te hâlden, is it nedich om dat op in wize te dwaan dy't past by ús tiid en de wrâld dêr't wy yn libje. Wy fine it fan belang dat elkenien, mar foaral ek bern en jongerein, mei it ferhaal fan Fryslân yn oanrekking komme, har dêryn werom kenne en dat der ek romte is foar harren ferhalen. Museums hawwe dêryn in bysûndere ferantwurdlikheid.



Repetysje Jeugd Dans Opleiding Fryslân 2024



Jongeren en fotografy, Voorheen De Gemeente 2024



## Ambysje 1

# Elkenien kin meidwaan

## 1A Amateurkeunst

### Hjir geane wy foar: alle Friezen dy't dat wolle, kinne sels keunst en kultuer beoefenje.

Fryslân hat in brûzende (Frysktalige) kultuer fan amateurkeunstners. Sa is de provinsje fan âlds ryk oan toaniel-selskippen, muzykferieningen en dûnsskoallen. In fenomeen yn it Fryske amateurtoaniel binne de iepenloftspullen. Ek ken de provinsje in soad harmonyorkesten, fanfaren en brassbands (HaFaBra), dy't bydrage oan ferbining en moeting yn doarpen en wiken, en foar alle minsken fan alle jierren tagonklik binne. Dy rike tradysje fan sels aktyf dwaande wêze mei kultuer, is wat om grutsk op te wêzen.

### Wat sjogge wy?

- In soad Friezen binne kultureel aktyf. Yn de troch de provinsje útferde Monitor Kultuerpartisipaasje 2022 joech 80% fan de respondinten oan in kulturele aktiviteit beoefene te hawwen. Ek liet de monitor sjen dat âlderein mear aktyf is as jongerein, en minsken mei in hegere oplieding mear as minsken mei minder oplieding.<sup>10</sup>
- Kultuerpartisipaasje – it aktyf beoefenen fan keunstsinnige of kulturele aktiviteiten – draacht by oan leefberens en gelok yn ús provinsje en leveret dêrmei in bydrage oan brede wolfeart.
- Mei-inoar muzyk meitsje, bygelyks yn brassbands en fanfaren, of toanielspylje, bygelyks yn iepenloftspullen, binne in wichtich ûnderdiel fan it 'Frysk eigene'.

### Wat wolle wy berikke?

- Alle Friezen dy't dat wolle, moatte de mooglikheid hawwe om aktyf mei te dwaan oan keunst en kultuer yn de mienskip.
- It kulturele ferieningslibben bliuwt in wichtige bydrage leverjen oan de leefberens.
- De organisaasje fan iepenloftspullen bliuwt in libbene tradysje.

### Wat dogge wy?

- Wy sette de gearwurking mei Keunstwurk as stipe-ynstelling foar de amateurkeunstsektor troch.
- Keunstwurk leveret in bydrage oan de Mienskipprojekten fan Arcadia.
- Wy ûndersykje oft de aktiviteiten fan it loket *Stipe* yntegrearre wurde kinne yn 1 breder loket foar it Fryske ferieningslibben.
- Wy sette de regeling iepenloftspullen troch.

### Wat kost het?

- Keunstwurk, ûnderdiel Amateurkeunst/Stipe: € 1.134.000 yn 't jier.
- *Regeling Iepenloftspullen* € 100.000 yn 't jier.



## Taljochting

### Keunstwurk

Keunstwurk hat as taak om mienskipsinisjativen en de amateur-keunstsektor te stypjen troch de wei fan loket *Stipe*, in leech-drompelig advysloket foar kulturele inisjativen. Dêrneist soargje kultuerferbiners op it mêd fan teäter, muzyk en dûns foar saakkundigensbefoarding, bringe se partijen byinoar en wurkje dêryn gear mei ûnder oare gemeenten en koepel-ferieningen.

Yn it bestjoersakkoart 2023-2027 is de ambysje opnommen om te kommen ta ien loket foar stipe fan de mienskip. De aktiviteiten dy't Keunstwurk útfiert foar it it kulturele ferieningslibben slute dêrby oan. Yn de kommende perioade wolle wy mei Keunstwurk, Doarpswurk en Sport Fryslân ûndersykje hoe't sa'n loket derút sjen kinne soe, en konkrete stappen sette yn dy rjochting.

## 1B Kultueredukaasje

### Hjir geane wy foar: alle bern yn Fryslân komme yn 'e kunde mei keunst en kultuer

Jong leard is âld dien. It is dêrom wichtich dat bern al jong yn oanrekking komme mei ferskillende artistike dissiplines en kulturele uteringsfoarmen. Dat ferleget de drompel om ek letter yn it libben te genietsjen fan of mei te dwaan oan keunst. Dêrneist leveret kultueredukaasje in weardefolle bydrage oan de algemiene en persoanlike foarming fan bern en jongerein.

## Wat sjogge wy?

- Kultueredukaasje draacht by oan de kulturele en kreative ûntwikkeling fan bern en jongerein en draacht by oan begryp fan wjerskanten.
- It programma *Kultueredukaasje mei Kwaliteit* (KMK) hat syn wearde bewiisd. It maatwurk dat troch dit programma mooglik is, slút goed oan by it ferlet fan basisskoallen. It oanbod wurdt aloan riker en ferbynt him mei de belibbingswrâld fan bern.
- Op basisskoallen is der op in kreative wize omtinken foar de Fryske taal en meartaligens.
- Filmedukaasje, as ûnderdiel fan kultueredukaasje, wurdt hieltyd relevanter en slút oan by de doelgroep. Learlingen fan no hearre by de generaasje dy't opgroeit is mei smartphones en tablets. Fan jongs ôf sjogge se deistich film. It is harren wize fan waarnimmen, kennis opdwaan, betsjutting jaan en ferhalen fertellen. Troch filmedukaasje wurdt har leard kritysk te sjen en krije se middels en techniken oanrikt dêr't se harren eigen ferhaal mei film mei fertelle kinne. Filmhub Noord jout útfiering oan filmedukaasje.

## Wat wolle wy berikke?

- Alle bern yn de basisskoallejierren yn Fryslân komme yn oanrekking mei keunst en kultuer.
- Ynbêdzjen fan kultueredukaasje yn de skoallen troch gearwurking tusken it ûnderwiis en de kulturele organisaasjes en keunstners yn de omjouwing. Keunstwurk hat dêr in stypjende, fasilitearjende en advisearjende rol by.
- Kultueredukaasje, ynklusyf erfgoededukaasje, it omtinken foar de Fryske taal en meartaligens en museumbesite, wurdt boarge yn it kurrikulum fan de basisskoallen yn Fryslân. Dêrfoar wurdt yn 'e mande mei Keunstwurk sjoen nei de hjoeddeistige situaasje, de faze dêr't kultueredukaasje yn op de ferskillende skoallen oanwêzich is en wat de beëage ûntwikkeling hjiryn is.
- Ferankering en útwreiding fan it oantal skoallen basis- en fuortset ûnderwiis dat filmedukaasje yn it lesprogramma opnimt. Startpunt dêrfoar is it oantal skoallen dat yn 2024 oanrikt wurdt.

## Wat dogge wy?

- De bydrage fan de provinsje oan Keunstwurk as pinnefierder foar it útfieren fan de regeling CMK trochsette. De regeling giet har fjirde perioade yn (2025-2028).
- Omtinken foar erfgoededukaasje, Frysk en meartaligens makket ûnderdiel út fan kultueredukaasje.
- In fjouwerjierrige subsydze oan Filmhub Noord beskikber stelle foar it ferankerjen fan filmedukaasje yn it basis- en fuortset ûnderwiis.

- By de subsydzjeferliening oan kulturele organisaasjes lizze wy de klam op it belang fan in bydrage oan kultueredukaasje foar it fuortset ûnderwiis.

## Wat kostet it?

- Ryksregeling Kultueredukaasje mei Kwaliteit ynklusyf útfierings- en organisaasjekosten keppelje: € 655.000 yn 't jier.
- Bydrage foar Filmhub Noord € 25.000 yn 't jier.

## Taljochting

### Kultueredukaasje mei Kwaliteit (KEK)

It Ministearje fan OC&W set de lanlike regeling *Cultuureducatie met Kwaliteit*, (útfierd fia it Fonds Cultuurparticipatie) troch yn de perioade 2025-2028. Yn Fryslân wurdt dat programma sûnt 2013 troch Keunstwurk útfierd ûnder de namme *Kultueredukaasje mei Kwaliteit* (KEK).

It programma set yn op saakkundigensbefoarding, it stypjen fan skoallen en kulturele oanbieders en wurket dêrby gear mei gemeenten, skoallekoepels en skoallen, en kulturele organisaasjes. Ek set it yn op it oer fakken hinne wurkjen (ûnder oare ferbining tusken taal en kultuer). Skoallen jouwe oan dat it maatwurk dat út dat programma wei mooglik is goed oanslút by harren ferlet.

De bydrage fan de provinsje Fryslân is in ien-op-ien keppeljen fan de bydrage dy't it Ryk leveret oan dat programma. Dêrneist krijt Keunstwurk oanfoljende middels fan de provinsje om de útfieringskosten te dekken.

### Filmhub Noord

Filmhub Noord is in organisaasje dy't filmedukaasje yn it basis- en fuortset ûnderwiis yn de ôfrûne jierren in ympuls jûn hat. Filmhub Noord is in nauwe gearwurking tusken seis kearnpartners: de stipe-ynstellingen Stichting Kunst & Cultuur (Drinte), Kunstcade (Ljouwert) en Keunstwurk, dy't it primêr en fuortset ûnderwiis yn it Noarden stypje mei it foarm en ynhâld jaan fan it kultuerûnderwiis op skoalle, en de filmprofessionals Film in Friesland, Forum Groningen en Internationaal Filmfestival Assen (IFA). Filmhub Noord makket lanlik diel út fan it Netwerk Filmeducatie. De provinsjes Grinslân en Drinte ynvestearje alle jierren ek in bedrach fan € 25.000 yn Filmhub Noord. De ferwachting is dat it lanlik Filmfonds, krekt as yn de perioade 2020-2024, in foarse bydrage leverje sil yn de perioade 2025-2028.



Jeugd Dans Opleiding Fryslân, 'Moving Forward' 2024



New Noardic Wave 2024



Tryater, 'Thúsblaze', 2024

## Ambysje 2

# Tagonklik, oansprekkend en heechweardich kultureel oanbod

**Hjir geane wy foar: in ferskaat, oansprekkend en takomstbestindich ekosysteem fan profesjonele keunst-organisaasjes yn Fryslân.**

It kulturele ekosysteem yn Fryslân is ryk en ferskaat: der binne galeryen, keunstkakopliedingen, festivals, bioskopen, kulturele organisaasjes dy't harren rjochtsje op ferskillende dissiplinen, skouboargen, poppodia en noch folle mear. Wy binne grutsk op al dy organisaasjes dy't jier yn, jier út op heech nivo teäterfoarstellingen meitsje, festivals organisearje, konserten jouwe, byldzjende keunst presintearje en in poadium jouwe oan talint. As sektor witte sy in prachtich kultureel oanbod del te setten dêr't in soad Friezen en gasten yn ús provinsje fan genietsje.

De provinsje ynvestearret yn de organisaasjes dy't in bydrage leverje oan ús ambysje en dy't ús stipe nedich hawwe. Dat om't harren produksjes bygelyks earder in maatskiplike wearde hawwe as in kommersjele wearde. Of om't it prinsipe fan tagonklikens harren publyksynkommen beheint. Mar tink ek oan de organisaasjes dy't, yn harren eigen artistike dissipline, jong talint opliede ta it nivo fan de keunstkakopliedingen.

### Wat sjogge wy?

- De regeling *Musea & Keunstynfrastruktuer 2021-2024* hat soarge foar in fernijende ympuls yn de profesjonele keunste-sektor yn Fryslân. De systematyk dy't dêrta laat hat – in iepen subsydzjeregeling mei in eksterne advyskommisje – hat him dêrmei bewiisd.
- Yn it triënnalejier 2022 hat Arcadia mei in oansprekkend programma fan 100 dagen bewiisd fan ekstra wearde te wêzen foar de kultuersektor, mar ek foar maatskiplike fraachstikken. Mei bygelyks *IIS*, it mienskipprojekt fan Arcadia dêr't Keunstwurk út har stypjende rol wei in wichtige bydrage oan levere hat. Alle projekten fan *IIS* wiene makke troch en/of mei de mienskip. Dy grutte manifestaasjes, dêr't in hiel soad partijen út de kulturele wrâld en dêrbûten yn byinoar brocht wurde, jouwe in stevige ympuls oan Fryslân en de Fryske kultuersektor.
- Troch ûnderskate oarsaken, lykas ynflaasje en leankostestigingen, kinne kulturele ynstellingen by lykbliuwend budzjet minder kultueraktiviteiten leverje as fjouwer jier lyn. Yndividuele organisaasjes hawwe dus of mear jild nedich, of sille harren ambysjenivo bystelle moatte. Dêr binne wy ús as subsydzjejouwer fan bewust.
- De *Stimulearringsregeling Kultuer: Ynnovaasje en Eksperimint* hat yn de perioade 2021-2024 bliken dien weardefol te wêzen foar it artistike klimaat yn Fryslân. In soad inisjatyfnimmers fan kulturele projekten hawwe gebrûk makke fan dy regeling.
- It Bevrijdingsfestival Fryslân hat in bysûndere posysje yn it festivallânskip. Dy komt út de ambysje wei om benammen jongerein te wizen op de wearde fan frijheid en demokrasy.
- Ynsidinteel tsjinje har kânsen oan, lykas bysûndere inisjativen dy't bûten de regelingen fan de provinsje falle, mar wol fan mearwearde binne foar ús kultureel klimaat.

## Wat wolle wy berikke?

- In robúste en sûne keunstesektor, mei in breed oanbod oan profesjoneel makke foarstellingen, festivals, konserten, eksposysjes en oare produksjes.
- Bysûndere eveneminten stypje dy't in sichtbere bydrage leverje oan it kultureel klimaat yn Fryslân.
- Yn 2025 en 2028 binne de triënnales fan Arcadia.

## Wat dogge wy?

- Yn 2025 sette wy de mearjierrige subsydzjes dy't foar de perioade 2021-2024 jûn binne troch.
- Foar de perioade 2026-2028 meitsje wy in trijejierrige regeling Keunstynstellingen, dêr't neist artistyk-ynhâldlike kwaliteit ek tagonklikens en maatskiplike relevânsje lyk-weardige beoardielingskritearia yn wurde. In ûnôfhinklike advyskommisje beoardelet de oanfragen en leit in oardering foar oan Deputearre Steaten.
- By de mearjierrige subsydzjes jildt: kwaliteit boppe kwantiteit. Wy kieze der leaver foar in beheind oantal ynstellingen stevich te posisjonearjen, as dat wy in grut tal mei lijen boppe wetter hâlde.
- Wy stypje Arcadia by de realisearre fan de triënnales yn 2025 en 2028.
- Wy meitsje in subsydzjeregeling foar kulturele produksjes, sadat inisjatyfnimmers dy't gjin mearjierrige subsydzjes krije ek op projektbasis provinsjale stipe oanfreegje kinne.
- Wy sette de besteande bydrage oan it Bevrijdingsfestival Fryslân troch, en wy ûndersykje in oanfolging fan dy bydrage fia it beliedsfjild Leefberens.
- Wy reservearje middels om ynspringe te kinnen op útsûnderlike kânsen.

## Wat kostet it?

- Ferlinging subsydzjes 2025: € 4.070.000.
- Mearjierrige regeling Keunstynstellingen 2026-2028: € 3.360.000 per jier.
- Regeling Kulturele Produksjes 2025-2028: € 300.000 per jier.
- Arcadia: € 5 mln. foar de perioade 2024-2028.
- Befrijdingsfestival Fryslân 2025-2028: € 48.500 (+ eventueel € 11.500 út de middels foar Leefberens).
- Reservearring útsûnderlike kânsen: € 250.000.

## Taljochting

### Regeling Keunstynstellingen

Om it kulturele fjild foldwaande wissichheid te jaan, hawwe wy al yn septimber 2023 oankundige de measte subsydzjes ûnder *Nij Poadium* mei ien jier te ferlingjen. Foar de oare jierren 2026-2028, meitsje wy in nije regeling. De systematyk bliuwt yn

de basis dy dêr't yn *Nij Poadium* foar keazen is: alle kulturele organisaasjes dy't oan beskate basisbetingsten foldogge kinne in oanfraach yntsjinje, wêrnei't in ûnôfhinklike komisje de oanfragen beoardelet.

Wy kieze foar fjouwer kritearia: artistike kwaliteit, tagonklikens, maatskiplike wearde en bedriuwsmjittige sûnens. Dy kritearia strike mei hoe't ek by lanlike kultuersubsydzjes wurke wurdt, mar wy soargje derfoar dat de ynfolling fan de kritearia oanslút by de situaasje yn Fryslân én de yn dizze nota formulearre ambysjes.

Der hat yn de ôfrûne jierren in soad omtinken foar de saneamde 'koades foar de kulturele sektor' west. By dizze regeling hâlde wy, lykas hast alle oerheden, fêst oan strikte tapassing fan de *Governance Code Cultuur*. Folsleine tapassing fan de oare beide koades, de *Fair Practice Code* en de *Code Diversiteit & Inclusie*, wurdt gjin hurde betingst. Dat freget wat ús oanbelanget tefolle fan guon ynstellingen. Wol sille wy alle ynstellingen freegje om by de oanfraach oan te jaan hoe't sy de útgongspunten of kearnwearde fan dy koades meinimme yn harren aktiviteiten, sadat bewuste omgong mei de *Fair Practice Code* of de *Code Diversiteit & Inclusie* de kâns op provinsjale subsydzje fergruttet. Dêr't it giet om diversiteit en ynklúzje hechtsje wy der dêrby foaral oan dat ynstellingen bydrage oan ús haadambysje: it belibjen en meitsjen fan keunst en kultuer moat foar elkenien yn Fryslân tagonklik wêze. Dêroan kin de ynklúzje fan ferskate ferhalen en eftergrûnen yn produksjes en organisaasjes bydrage. Mar ek saken lykas betelberens, geografyske sprieding en tagonklike ynformaasje foarsjenning binne wichtich.

### Arcadia

Wy ynvestearje € 5 miljoen yn Arcadia yn de perioade 2024-2028. Yn dy perioade realisearret Arcadia twa triënnales (2025 en 2028). Arcadia hat earder fan de provinsje Fryslân en de gemeente Ljouwert fiif doelstellingen meikrigen:

1. It ferstevigjen fan de ekonomy en it kultuertoerisme
2. It ferstevigjen fan it artistike klimaat
3. Wurkje oan ekology en sirkulêre ekonomy
4. Sosjaal ynklusyf: 'elkenien docht mei'
5. Meartaligens/Frysk

De doelstellingen 1, 2, 4 en 5 slute oan by de ambysjes dy't yn dizze nota beneamd binne. Dêrneist binne se ek ferbûn mei oare beliedsmêden fan de provinsje, ûnder oare op it mêd fan taal, erfgoed, (frijetiids)ekonomy en sirkulêre ekonomy.

Foar de earstkommende triënnales binne oan de algemiene doelstellingen konkrete yndikatoaren taheakke. By it fersterkjen fan ekonomy en it kultuertoerisme giet it om it oantal gearwurkingen mei bedriuwen (lokaal/regionaal/ynternasjonaaal), it oantal besiten, betelle krêften en wêr't it publyk wei komt.



ôpenloftspul Jorwert 2021

- By de doelstelling it ferstevigjen fan it artistike klimaat giet it om it fierder helpen fan makkers (kwantitative en kwalitative gegevens) en om de makkers en projekten dy't Arcadia fan bûten Fryslân nei de provinsje hellet.
- It befoarderjen fan sosjale ynklusiviteit rjochtet him op fysike tagonklikens, finansjele tagonklikens en it belûken fan de mienskip.
- Meartaligens en Frysk geane oer de sichtberens fan it Frysk by Arcadiaprojekten yn de iepenbiere romte en de taligens yn projekten, bygelyks de gearwurking mei City of Literature.
- Arcadia ynvestearret dêrneist yn Europeeske gearwurkingen en projekten dy't bydrage oan de útstrieling en sichtberens fan keunst en kultuer yn Fryslân en in bydrage leverje oan aktuele maatskiplike en sosjale tema's.

### Subsydzjeregeling kulturele produksjes

Neist de mearjierrige subsydzjes dy't fan belang binne om in sûne kulturele sektor yn stân te hâlden, wolle wy der ek wêze foar inisjatyfnimmers dy't op ynsinditele basis finansjele stipe freegje foar in kulturele produksje. Dat dêr in soad ferlet fan is, blykt wol út it feit dat it ûnderdiel 'Kulturele produksjes' fan de *Stimulearringsregeling Kultuer* ûnder *Nij Poadium* hast alle kearen oerfrege is. Dêrom wolle wy in nije regeling yn it libben roppe foar dit soarte produksjes: foarstellingen, konserten, tentoanstellingen, festivals.

Ek yn dizze regeling sille wy yn de beoardieling mei klam rekken hâlde mei tagonklikens en in brede sizzenkrêft.



Wurdkeunstner Oane Marten van der Veen 2024



Meeuw jonge theatermakers

## Ambysje 3

# Kânsen foar talint

## Hjir geane wy foar: artistyk talint krijt de kâns him binnen de provinsje-grinzen te ûntwikkeljen.

In bloeiend kultureel ekosysteem kin net sûnder in string fan talintûntwikkeling. Fan de begelieding fan talintfolle bern en jongerein, oant kânsen foar startende keunstprofessionals om oan harren karriêre te bouwen.

### Wat sjogge wy?

- Yn Noard-Nederlân is popmuzyk sterk fertsjintwurdige binnen de kulturele ynfrastuktuer. Popmuzyk út Fryslân is in sterker wurdend 'merk', mar de sektor hat baat by mear kânsen foar talintûntwikkeling.
- HaFaBra en klassike muzyk foarmje in wichtich aspekt fan ús amateurkeunstfjild. Jonge oanwaaks en de ûntwikkeling fan talint binne wichtich foar de kontinuïteit dêrfan, mar blike ek in kwetsbere skeakel te wêzen.
- It noardlike gearwurkingsferbân We the North draacht by oan de fersterking en fernijing fan de kulturele sektor yn Noard-Nederlân. Dat docht bliken út de oanwaaks fan nije jonge makkers dy't kânsen krije om har te ûntwikkeljen, en ek út middels dy't út de lanlike kultuerfûnsen nei Noard-Nederlân geane.<sup>11</sup>

### Wat wolle wy berikke?

- Wy wolle jonge makkers yn ferskillende dissiplines de romte jaan om te eksperimintearjen en de mooglikheid biede om harren fierder te ûntwikkeljen.
- Behâld fan (jonge) talintfolle makkers yn de ferskillende dissiplines foar Fryslân.
- Ynspylje op kânsen dy't har foardogge yn de regio en Noard-Nederlân, om sa mear lanlike en Europeeske middels oan te lûken. We the North is dêr in wichtige partner yn om't it netwurken lykas NOORD, (Up North en Hit the North (muzyk),

de Noordenaars (byldzjende keunst), Station Noord (teäter) stipet.

- String fan popkultuer yn Fryslân fersterkje, sadat de Fryske popscene mear sichtber wurdt.
- HaFaBra en klassike muzyk fersterkje troch te ynvestearjen yn jonge talinten (bern en jongerein).

### Wat dogge wy?

- Yn 2025-2028 krijt de provinsje nei ferwachting in spesifike útkearing (SPUK) fan it ministearje fan OCW. Dy middels binne bedoeld as in tydlike, ekstra ympuls om de regionale kulturele ynfrastuktuer te fersterkjen op plakken dêr't dy no kwetsber is, en wolle wy ynsette foar (nije) makkers.<sup>12</sup> Wy kieze dêrby foar it trochsetten fan it Platform Popcultuur Fryslân.<sup>13</sup> Dêrneist sille wy ûndersykje hoe't wy it jild dat oerbliuwt fan dy útkearing sa effektyf mooglik ynsette kinne foar inisjativen op it mêd fan talintûntwikkeling.<sup>14</sup>
- Om de popsektor yn Fryslân te fersterkjen, freegje wy Friesland Pop, Popfabryk en Platform Popcultuur Fryslân om yntinsiver mei-inoar gear te wurkjen, en dêr in plan foar te skriuwen. Wy tinke dêrby ûnder oare oan nauwere gearwurking mei de poppodia yn Fryslân en de organisaasje NOORD (bestiet út Up North en Hit the North). Wy jouwe de organisaasje dêr fan 2026 ôf in boekjier-subsydzje foar, sadat se genôch tiid hawwe om it plan, yn oparbeidzjen mei alle partners op popmêd yn Noard-Nederlân, op te stellen. Wy sette de bydrage oan it Platform Popcultuur Fryslân yn 2025 troch út de SPUK fan it Ryk wei, op betingst dat dy middels beskikber steld wurde. Wy ûndersykje hoe't wy in regeling foar yndividuele talintfolle nije makkers ûntwikkelje kinne en rjochtsje ús dêrby op mooglike gearwurking mei bygelyks it Cultuurfonds. De regeling giet yn 2025 yn.
- Wy sette spesifyk yn op talintûntwikkeling yn de HaFaBra, troch it stypjen fan it programma Fulkaan fan it Frysk Jeugdorkest.<sup>15</sup>
- De provinsjale stipe oan We the North wurdt trochset om de oanwaaks fan nije jonge makkers op peil te hâlden.



## Ambysje 4

# Museums as hoeders fan it ferhaal fan Fryslân

**Hjir geane wy foar: It ferhaal fan Fryslân wurdt yn museums op in aktuele, oansprekkende wize ferteld oan likegoed Friezen as gasten fan ús provinsje.**

Yn it bestjoersakkoart *Oparbeidzje foar Fryslân* stiet:

'Ynstellingen en organisaasjes dy't it ferhaal fan Fryslân fertelle, fertsjinje dêr't dat mooglik is stipe'. Dat ferhaal wurdt troch de kultuersektor op in soad manieren ferteld: yn boeken en artikels, teäterfoarstellingen, muzyk, yn films en telefyzjeproduksjes. De hiele kulturele sektor spilet dêr in rol yn, mar in bysûndere ferantwurdlikheid kenne wy as provinsje ta oan museums. Sy drage soarch foar ús (replik) erfgoed, en hawwe in unike posysje om ferhalen fan minsken, dy't fan bysûndere betsjutting binne of west hawwe foar Fryslân, ûnder de oandacht te bringen. Troch de besiker each yn each te bringen mei histoaryske objekten, en dêrmei ús dielde ferline konkreet te meitsjen. Mar ek troch in poadium te jaan oan relevante, aktuele keunst, en ús sa oan it tinken te setten oer ús dielde takomst.

### Wat sjogge wy?

- Us provinsje hat de heechste museuntichtheid fan Nederlân. Frijwilligers spylje dêr in ûnmisbere rol yn.
- De regeling *Musea & Keunstynfrastruktuer 2021-2024* hat kânsen bean oan nije musea om mei provinsjale stipe harren organisaasjes en aktiviteiten te fersterkjen en sa it ferhaal fan Fryslân better te fertellen.
- De kosten binne de ôfrûne jierren by in soad museums hurder oprûn as de ynkomen.
- It Fries Museum hat in útsûnderlike posysje yn it Fryske museäle systeem. It hat de grutste provinsjale kolleksje fan Nederlân, en is fan betsjutting foar de eigen regio en dêrbûten. It museum stelt har kolleksje, kennis en ekspertize yn tsjinst fan oare ynstellingen yn Fryslân.

- De Museumfederatie hat in wichtige stypjende rol rjochting de museums yn Fryslân.
- It Fries Film- en Audio Archief hat in grutte kolleksje films en fideo's dy't yn of oer Fryslân makke binne, dy't foar in part digitalisearre binne. It argyf stipet mei it materiaal ferskate musea yn Fryslân.

### Wat wolle wy berikke?

- De provinsjale middels moatte dêr terjochte komme dêr't (aspekten fan) ferhaal fan Fryslân op de meast oansprekkende en tagonklike wize ferteld wurde.
- Goed behear, behâld en ûntsluting fan kolleksjes ynklusyf digitalisearring, akwisytsje en dêr't dat nedich is ûntsammeljen.
- By de mearjierrige subsydzjes giet kwaliteit boppe kwantiteit: wy wolle museums op nivo stypje. Dat betsjut wol dat der minder museums yn oanmerking komme foar subsydzje. In sûne balâns tusken profesjonele ynset en ynset fan frijwilligers is dêrby fan belang.
- Bern yn de basisskoallejierren, mar ek jongerein, moatte mear stimulearre wurde om nei in museum yn Fryslân te gean, en sa yn 'e kunde te kommen mei it ferhaal fan Fryslân.
- It audiofiseel erfgoed fan Fryslân safolle mooglik ûntslute en tagonklik meitsje.

### Wat dogge wy?

- Yn 2025 sette wy de mearjierrige subsydzjes dy't ûnder *Nij Poadium* oan acht musea jûn binne troch.
- Foar de jierren 2026-2028 komt der in aparte subsydzje-regeling *Museums*, mei omtinken foar de soarchtaak dy't museums hawwe foar ús erfgoed, en ekstra klam op it ferhaal fan Fryslân en it berikken fan bern en jongerein.
- Wy jouwe it Fries Museum in ôfsûnderlike fjouwerjierrige subsydzje. Mei dit museum meitsje wy spesifike ôfspraken oer de rol as 'memmuseum' fan Fryslân.

### Wat kostet it?

- Bydrage oan it netwurk We the North foar de mienskiplike finansiering fan noardlike talintúntwikkelingsprogramma's: € 100.000 yn 't jier.
- Tagonklike subsydzjeregeling foar nije makkers: € 100.000 yn 't jier.
- Projekt Fulkaan: € 63.000 yn 't jier.
- Frysk Jeugdorkest: € 50.000 yn 't jier fan 2026 ôf.
- Platform Popcultuur Fryslân: pm SPUK yn 2025.
- Fersterkjen popsektor (gearwurking Friesland Pop, Popfabryk en Platform Popcultuur Fryslân): maksimaal € 333.330 yn 't jier plus SPUK (pm) oant in bedrach fan € 500.000 yn 't jier fan 2026 ôf.
- Restant SPUK ynsette foar talintúntwikkeling: pm.

### Taljochting

#### Popynstellingen

Friesland Pop, Popfabryk en Platform Popcultuur Fryslân binne ynstellingen dy't har rjochtsje op talintúntwikkeling op it mêd fan popmuzyk. De beëage nauwe gearwurking tusken de ynstellingen hat as doel de popstring yn Fryslân te fersterkjen. Dêrby is it fan belang dat elk syn rol yn de string fan talintúntwikkeling yn de provinsje en yn oanfolling op wat der yn noardlik ferbân bart helder is. De bondeling fan krêften en aktiviteiten liedt ta mear synergy, yn oanpak fan nije doelgroepen en yn komplemintêre aktiviteiten. Foar de gearwurking tusken de organisaasjes stelt de provinsje yn de perioade 2026-2028 in boekjiersubsydzje beskikber.

#### Fulkaan en Frysk Jeugdorkest

It Frysk Jeugd Orkest is in wichtige organisaasje foar talintúntwikkeling yn de muzyk foar bern en jongerein. It projekt Fulkaan is in talintúntwikkelingsprojekt fan Keunstwurk foar jongerein op it mêd fan HaFaBra, dat him de lêste jierren ûntwikkele hat en fernijende programma's en presintaasje-foarmen biedt. Provinsje Fryslân ynvestearret yn beide organisaasjes om bern en jongerein de kâns te jaan om harren talinten op it mêd fan muzyk fierder te ûntwikkeljen, en sa in bydrage te leverjen oan de kontinuïteit fan ûnder oare de HaFaBra-kultuer yn Fryslân. Foar it Frysk Jeugdorkest stelt de provinsje yn de perioade 2025-2028 in subsydzje beskikber, mits it projekt ek stipe wurdt troch it Fonds voor Cultuurparticipatie.

#### We the North

We the North is it noardlike gearwurkingsferbân fan de trije noardlike provinsjes (Fryslân, Grinslân, Drinte) en fjouwer grutte stêden (Ljouwert, Grins, Assen en Emmen). Doel dêrfan is it Noardlike kulturele ekosysteem te fersterkjen troch gearwurking, likegoed yn it Noarden as mei it Ryk en de lanlike fûnsen. Ynset is de kulturele potinsje fan de noardlike regio better benutte te kinnen en mear winst te beheljen op de maatskiplike en ekonomyske ympakt fan keunst en kultuer. De ynvestearring yn netwurken dy't de string fan talintúntwikkeling op it mêd fan poadiumkeunsten (Station Noord), popmuzyk (Noord), byldzjende keunst (Noordenaars en Cultuur & Natuur) en film (Filmpact Noord) fersterkje, hawwe effekt.

- Wy stypje de Museumfederatie Fryslân by har wurksumheden foar de oansletten museums, en meitsje ekstra jild frij om ûnder oare de Fryske Museumnacht yn de kommende jierren mooglik te meitsjen.
- Wy stypje it Fries Film- en Audio Archief by it behear en behâld fan it audiofisuele ferhaal fan Fryslân.

### Wat kostet it?

- Trochsetten subsydzjes museums yn 2025 (ekskl. Fries Museum: € 1.787.800
- Regeling *Musea* 2026-2028: € 1.384.800 yn 't jier
- Fries Museum 2025-2028: € 3.410.000 yn 't jier
- Museumfederatie 2024-2028: € 270.000 yn 't jier
- Fries Film- en Audio Archief 2024-2028: € 55.000 yn 't jier

### Taljochting

#### Fries Museum

It Fries Museum is sûnt jier en dei de grutste subsydzje-ûntfanger binnen ús kultuerbelied. Dat is te ferklearjen út it feit dat it Fries Museum in útsûnderlike rol hat as it giet om it ferhaal fan Fryslân. Dat uteret him yn de omfang en kwaliteit fan de kolleksjes, it ambysjenivo fan permanente en tydlike eksposysjes en de útstrieling yn binnen- en bûtenlân. Wy sjogge dêrby dat it Fries Museum it ferhaal fan Fryslân yn de meast brede foarm fertelt, en aspekten fan dat ferhaal yn sa goed as al har aktiviteiten weromkomme lit. Dêrneist posisjonearret it museum him mei klam as 'memmemuseum' fan Fryslân.

Al dizze saken komme net goed ta harren rjocht as it Fries Museum binnen ien regeling meitinget mei oare musea. Dêrom wolle wy dit museum de kommende fjouwer jier wissichheid jaan oer in subsydzje op grûn fan de provinsjale begrutting, dêr't wy doelfêste ôfspraken by meitsje oer de rol dy't it Fries Museum ferfollet yn ús provinsjale museumfjild. By dizze subsydzje hanthavenje wy it subsydzjenivo dêr't it Fries Museum op it stuit op sit.

#### Regeling Museums

Om it kulturele fjild foldwaande wissichheid te jaan, hawwe wy al yn septimber 2023 oankundige alle mearjierrige subsydzjes oan museums mei ien jier te ferlingjen. Foar de oare jierren, 2026-2028, meitsje wy in nije regeling. De systematyk bliuwt yn de basis dy dêr't yn *Nij Poadium* foar keazen is: alle erkende museums – mei útsûndering fan it Fries Museum – kinne in oanfraach dwaan, wêrnei't in ûnôfhinklike kommisje de oanfragen hifket.

Wy kieze foar fiif kritearia: kwaliteit publyksaktiviteiten, kwaliteit behâld en behear, tagonklikens, maatskiplike wearde en bedriuwsmjittige sûnens. Wy freegje binnen dizze kritearia spesjaal omtinken foar hoe't it ferhaal fan Fryslân ferteld wurdt, en wat musea dogge om bern en jongerein oer de drompel te krijen.

Yn de ôfrûne jierren hat der in soad oandacht foar de saneamde 'koades foar de kulturele sektor' west. By dizze regeling geane wy dêr op deselde wize mei om as beskreaun by de regeling *Keunstynstellingen* ûnder ambysje 2.

#### Museumfederatie Fryslân

De Museumfederatie is in stipe-organisaasje foar de Fryske museumsektor. De ynstelling is fan belang foar de provinsjaal subsidiearre museums, mar ek foar de museums dy't de provinsje net streekrjocht subsidiearret. De ynstelling stiet museums by op ûnderwerpen lykas kolleksjebear, programmearring en frijwilligersbelied.

Wy ferheegje yn de kommende beliedsperiode de jierlikse subsydzje oan de Museumfederaasje mei € 50.000 jiers. Dêrfoar freegje wy yn alle gefallen dat de inisjativen *Help Pake & Beppe de fakânsje troch* en *Fryske Museumnacht* yn de kommende jierren trochgong fine.



Ferhaal fan Fryslân, Fries Museum 2024



Museumferhalen @Fries Museum 2023

# Fryslân, Noard-Nederlân, it Ryk en Europa

## Hjir geane wy foar: wy wurkje gear mei oare oerheden om safolle mooglik kânsen foar it Fryske kultuerfjild te fersulverjen.

Us kultuersektor is woartele yn Fryslân, en tagelyk nau ferbûn mei de rest fan Nederlân en it bûtenlân. Mei oare makkers en kultuerorganisaasjes, mar ek mei oerheden. Dy ferbûnings is ferrykjend, en yn in soad gefallen sels needsaaklik foar in bloeiend kultureel libben. As provinsje sette wy ús aktyf yn om te soargjen dat wy der yn de takomst noch mear fruchten fan plôkje.

## Wat sjogge wy?

- Yn de kommende jierren wurde wichtige karren makke oer hoe't de finansiering fan kultuer troch it Ryk derút sjen sil nei 2029. Dan giet it foaral om de grutte stelselwizing dy't de Ried foar Kultuer yn jannewaris 2024 foarsteld hat, dêr't sprieding fan en tagong ta de lanlike subsydzjes in grutte rol yn spylje. It foarstel fan de Ried biedt folop kânsen om de Fryske kultuersektor op de lange termyn te fersterkjen.<sup>16</sup>
- Europa wurdt foar regio's hieltyd belangriker en dat jildt ek foar Fryslân.<sup>17</sup> De doelstellingen yn dizze nota oerlaapje faak beliedsdoelen fan de Europeeske kommisje. Bygelyks op it mêd fan leefberens yn de regio's, de beskerming fan ús kultureel erfgoed of de ekonomyske mearwearde fan de kulturele en kreative sektor. Foar de realisasje dêrfan stelt de Europeeske Kommissje ek jildt beskikber, bygelyks yn programma's as *Creative Europe* en *Interreg*.

- It kulturele ekosysteem yn Fryslân is al op ferskillende wizen ferbûn mei it bûtenlân. Dat jildt yn it bysûnder foar Arcadia, dat as legacy-organisaasje fan LF2018 noch nau ferbûn is mei oare (kandidaat) Kulturele Haadstêden. As provinsje binne wy dêr amtlik en bestjoerlik aktyf by belutsen, troch de wei fan wurkbesites en ûntfangsten fan bûtenlânske delegaasjes. Dy kontakten sjogge wy as ferrykjend.
- Oare organisaasjes binne binnen har eigen dissipline ek aktyf yn Europeeske netwurken, wêrtroch't se kennis diele, bûtenlânske produksjes nei Fryslân helje, of sels yn it bûtenlân optrede. De kulturele sektor kin dêrmei in wichtige bydrage leverje oan de ambysje om Fryslân mear te ferbinen mei Europa.
- As provinsje Fryslân binne wy stevich ferankere yn it Europeeske netwurk fan regio's dêr't minderheidstalen sprutsen wurde, bygelyks fia it NPLD. Ek yn dy kontakten steane keunst en kultuer faak op de wurklist, en wurkje wy gear mei Fryske kulturele organisaasjes om de posysje fan minderheidstalen yn Europa te fersterkjen.
- Der is net in soad strukturele koördinaasje tusken de provinsje en Fryske gemeenten oer kultuerbelied en de útfiering dêrfan, wylst wy te krijen hawwe mei deselde partners, deselde subsydzje-oanfreger, deselde mienskip.
- Provinsje Fryslân en gemeente Ljouwert lizze de ûnderwerpen dêr't se bestjoerlik op gearwurkje wolle fêst. Kultuer makket diel út fan dizze aginda.
- Wy werkenne de potinsje fan de bydrage dy't de kreative sektor hawwe kin oan de ekonomyske en maatskiplike opjeften fan dizze regio. De kreative sektor biedt oploskrêft, fertelkrêft en ferbyldingskrêft. Wy lizze de ferbining mei de ekonomyske beliedsopjeften om dy potinsje yn de kommende perioade te benutten.



Aaipop 2023

## Wat wolle wy berikke?

- Fryske kulturele organisaasjes sjogge de provinsje as partner dy't harren belangen behertiget yn Den Haach.
- Yn de systematyk foar it ferdielen fan de rykskultuerjilden fan 2019 ôf wurdt rjocht dien oan de belangen fan Fryslân. In goede gearwurking yn noardlik ferbân en mei it Ryk is dêrby fan belang. In earlike ferdieling soe in flinke ympuls jaan oan it kulturele fjild.
- De gearwurking mei gemeente Ljouwert fersterkje om mienskiplik doelfêst bydrage te kinnen oan in sterke en sichtbere kulturele sektor yn Fryslân.
- De ôfstimming mei de Fryske gemeenten oer fraachstikken dy't de kultuersektor reitsje, likegoed bestjoerlik as amtlik, bart geregeld.
- Alle rykskulturfûnsen jouwe yn de kommende jierren likegoed strukturele as ynsidintele subsydzjes oan Fryske kulturele ynstellingen.
- Jierliks slagje Fryske kulturele organisaasjes deryn Europeeske subsydzjes binnen te heljen foar projekten dy't Fryslân te'n goede komme.

## Wat dogge wy dêrfoar?

- Wy nimme aktyf posysje yn rjochting it regear, de Twadde Keamer en it ministearje fan OCW om de belangen fan it Fryske kultuerfjild no en yn de takomst te behertigjen.

- De lobby fiere wy foar in part fia it regionale gearwurkingsferbân We the North. Doel fan We the North is it noardlike kulturele ekosysteem te fersterkjen troch gearwurking, likegoed yn Noard-Nederlân as mei it Ryk en de lanlike fûnsen.
- Wy jouwe útfiering oan de gearwurkingsaginda tusken provinsje Fryslân en gemeente Ljouwert.
- Wy koördinearje it oerlis fan Fryske kultueramtners, en soargje dat dat op syn minst twaris yn it jier holden wurdt. Dêrneist slute wy bestjoerlik oan by it portefúlgehâldersoerlis kultuer fan de Feriening Fryske Gemeenten.
- Wy soargje derfoar dat kultuer diel útmakket fan de Europeeske aginda fan de provinsje, en dat kulturele organisaasjes gebrûk meitsje kinne fan de ynstruminten dy't de provinsje hat om de tagong ta Europeesk jild mooglik te meitsjen.
- De kreative sektor biedt oploskrêft, fertelkrêft en ferbyldingskrêft. Wy lizze de ferbining mei de ekonomyske beliedsopjeften om dy potinsje yn de kommende perioade te benutten.

## Wat kostet it?

- Bydrage oan ynterbestjoerlike netwurken, ynklusyf We the North: € 150.000 yn 't jier.
- Budzjet foar kofinansiering fan lanlike subsydzjes: € 100.000 jiers.

# Kultuermonitor

**Hjir geane wy foar: it ûntwikkeljen fan in twajierlikse Kultuermonitor dy't de effekten fan it provinsjale belied op it mêd fan kultuer op de mienskip yn byld bringt.**

## Wat sjogge wy?

- Yn it foarjier fan 2023 is, yn opdracht fan de provinsje, in *Nulmjitting Kultuer* ferskynd.<sup>18</sup> De sintrale fraach yn dy nulmjitting wie: wat is de stân fan de kulturele ûntwikkeling yn de provinsje op it stuit en yn de tiid (heden en ferline), yn de romte (de provinsje en de rest fan it lân), en yn ferhâlding ta de sosjaal-maatskiplike en ekonomysk-romtlike domeinen. Oanbefelling wie dat monitoarjen in struktureel plak krije moatte soe yn it kultuerbelied fan de provinsje.
- De Noardlike Rekkenkeamer hat Provinsjale Steaten advisearre om in fyzje fêst te stellen mei te evaluearjen kwalitative en kwantitative doelstellingen. Ek hat se Deputearre Steaten advisearre om yn de útfiering it ferbân dúdlik te meitsjen tusken de subsidiearring fan kulturele ynstellingen en de provinsjale fyzje en doelstellingen.<sup>19</sup> Ek advisearret de Noardlike Rekkenkeamer Deputearre Steaten om in systeem yn te rjochtsjen om struktureel te monitoarjen yn hoefier't de doelstellingen realisearre binne, oan ynstellingen te freegjen dêr relevante gegevens foar oan te leverjen en Provinsjale Steaten dêroer te ynformearjen.
- Der is ferlet fan in langetermynfyzje op it mêd fan keunst en kultuer om de duorsumens en kontinuïteit dêrfan te boargjen.

## Wat wolle wy berikke?

- Een goede balâns tusken kwalitatyf en kwantitatyf ûndersyk is fan belang om de effekten fan it fierde belied op de mienskip yn byld te bringen. Dat realisearje wy troch de wei fan monitoarjen en it sammeljen fan data en is relevant foar beliedsevaluaasje, publyksbelutsenens en ferantwurding fan it belied oan belanghawwers, lykas de oerheid, fûnsen, donateurs en it publyk.

- Wy fine it wichtich om de ynbring fan in representative groep ynwenners fan de provinsje mei te nimmen yn it ûndersyk.
- Oan 'e ein fan dizze beliedsperioade brûke wy de resultaten fan de Kultuermonitor 2025-2027 om it belied te evaluearjen en as ynput te brûken foar de nije beliedsperioade fan 2029 ôf.
- Ein 2026 wolle wy, op grûn fan de beliedsresultaten oant dan ta, mei yn achtnimmen fan lanlike ûntwikkelingen fan 2029 ôf, in fyzje foar de langere termyn (perioade fan acht jier) dellizze. Wy dogge dat om't langere terminen soargje foar duorsumer belied dat in grutter effekt hat.

## Wat dogge wy?

- Planburo Fryslân ûntwikkelet in twajierlikse Kultuermonitor. De rapportaazje fan de earste Kultuermonitor wurdt foar de simmer fan 2025 oplevere. De monitor biedt hâldfêst foar kultuerbelied op ferskillende nivo's, fan provinsjaal oant (boppe)lokaal. Op haadlinen ûntstiet der in fergeliking mei lanlike sifers oer kultuer tusken de ferskillende provinsjes (saneamde benchmark). Troch werhellings fan mjittingen wurde dêrneist trends en ûntwikkelingen sichtber. Op de ûnderwerpen dêr't noch beheinde ynformaasje oer de sektor is, kin in monitor helpe by it agindearjen en beliedsfoarming fierder stimulearje.
- It formulêarjen fan it kultuerbelied 2025-2028 op it nivo fan de beëage maatskiplike ympakt (de doelstellingen/ambysjes) en dêrby beneamde yndikatoaren foarmje ynput foar de Kultuermonitor.
- By de (ûntwikkeling fan de) Kultuermonitor wurdt gebrûk makke fan de ynsichten fan ynwenners, troch it panel fan it Planburo Fryslân yn te setten.

## Wat kostet it?

De útfiering fan de Kultuermonitor 2027: € 73.000, te dekken út it útfieringsbudzjet.





# Finansjeel oersjoch 2025-2028

Ambitie	Omschrijving	2024	2025	2026	2027	2028	Totaal beleidsperiode
<b>UTJEFTEN</b>							
Kultuerpartisipaasje	Keunstwurk foar Stipe en Amateurkeunst (struktureel)	-	1.136.800	1.136.800	1.136.800	1.136.800	4.547.200
Kultuerpartisipaasje	Iepenloftspullen (struktureel)	-	55.000	55.000	55.000	55.000	220.000
Kultuerpartisipaasje	Iepenloftspullen oanfoljend (tydlik)		45.000	45.000	45.000	45.000	180.000
Kultueredukaasje	KEK PO Matching (struktureel)	-	356.000	356.000	356.000	356.000	1.424.000
Kultueredukaasje	KEK PO Matching oanfoljend (tydlik)	-	99.000	99.000	99.000	99.000	396.000
Kultueredukaasje	Utfieringskosten KEK (tydlik)	-	200.000	200.000	200.000	200.000	800.000
Kultueredukaasje	Filmhub Noord (tydlik)	-	25.000	25.000	25.000	25.000	100.000
Profesjoneel kultueroanbod	Arcadia (tydlik)	2.000.000	1.500.000	500.000	500.000	500.000	5.000.000
Profesjoneel kultueroanbod	Keunstynstellingen (struktureel)	-	2.707.000	1.938.700	1.938.700	1.938.700	8.523.100
Profesjoneel kultueroanbod	Subsydzjes Kunstinfra 2025 (tydlik)	-	1.362.000	-	-	-	1.362.000
Profesjoneel kultueroanbod	Regeling Keunstynstellingen 26-28 (tydlik)	-	-	1.440.000	1.440.000	1.440.000	4.320.000
Profesjoneel kultueroanbod	Regeling kulturele produksjes (tydlik)		300.000	300.000	300.000	300.000	1.200.000
Profesjoneel kultueroanbod	Befrijingsfestival (struktureel)	-	48.500	48.500	48.500	48.500	194.000
Profesjoneel kultueroanbod	Budzjet útsûnderlike kânsen (tydlik)	-	250.000	-	-	-	250.000
Talentontwikkeling	Regeling nije makkers (tydlik)	-	100.000	100.000	100.000	100.000	400.000
Talentontwikkeling	Popkombinaasje (FP/PF) (struktureel)	-	-	333.300	333.300	333.300	999.900
Talentontwikkeling	Fulkaan (tydlik)	-	63.000	63.000	63.000	63.000	252.000
Talentontwikkeling	Frysk Jeugdorkest (struktureel)	-	-	50.000	50.000	50.000	150.000
Talentontwikkeling	Ynset SPUK Regionale kultuerynfrastruktuer	-	PM	PM	PM	PM	PM
Museums	Fries Museum (struktureel)	-	3.410.000	3.410.000	3.410.000	3.410.000	13.640.000
Museums	Musea ekskl. Fries Museum (struktureel)	-	1.364.800	964.800	964.800	964.800	4.259.200
Museums	Subsidies musea 2025 (tydlik)	-	423.000	-	-	-	423.000
Museums	Regeling musea 26-28 (tydlik)	-	-	420.000	420.000	420.000	1.260.000
Museums	Museumfederatie (struktureel)	-	221.100	221.100	221.100	221.100	884.400
Museums	Museumfederatie oanfoljend (tydlik)		48.900	48.900	48.900	48.900	195.600
Museums	Fries Film- en Audioarchief (tydlik)	-	55.000	55.000	55.000	55.000	220.000
Museums	Jopie Huismanmuseum (tydlik)	100.000	-	-	-	-	100.000
Fryslân / Ryk / Europa	We the North/IPO (tydlik)	-	150.000	150.000	150.000	150.000	600.000
Fryslân / Ryk / Europa	Matching / kofinansiering (tydlik)	-	100.000	100.000	100.000	100.000	400.000
Utfiering	Utfieringskosten / monitoring (struktureel)	-	172.500	172.500	172.500	172.500	690.000
Utfiering	Utfieringskosten / monitoring oanfoljend (tydlik)	-	43.400				43.400
	<b>Totaal útjeften</b>	<b>2.100.000</b>	<b>14.236.000</b>	<b>12.217.600</b>	<b>12.217.600</b>	<b>12.217.600</b>	<b>52.988.800</b>
							<b>17.458.600</b>
<b>DEKKING</b>							
	Dekking strukturele middels kultuer	-	9.251.200	8.451.200	8.451.200	8.451.200	34.604.800
	Dekking strukturele middels taal/kultuer	-	172.500	172.500	172.500	172.500	690.000
	Dekking structurele middels befrijingsfestival		48.500	48.500	48.500	48.500	194.000
	Dekking middels bestjoersakkoard	-	4.375.000	4.375.000	4.375.000	4.375.000	17.500.000
	Dekking SPUK Regionale kultuerynfrastruktuer	-	PM	PM	PM	PM	PM
	<b>Totaal dekking</b>	<b>0</b>	<b>13.847.200</b>	<b>13.047.200</b>	<b>13.047.200</b>	<b>13.047.200</b>	<b>52.988.800</b>
	<b>Saldo kosten - dekking</b>	<b>-2.100.000</b>	<b>-388.800</b>	<b>829.600</b>	<b>829.600</b>	<b>829.600</b>	<b>0</b>

## Voetnoten

<sup>1</sup> Dizze kwalitative oanpak is ûntliend oan *Het Culturele Waardemodel*, ûntwikkele troch ûndersiker Claartje Bunnik. It model is ûnderdiel fan it boek *Naar waarde gewogen*, Boekmanstichting, 2016.

<sup>2</sup> Lanlik krije kultueryndikatoaren in plak yn de *Monitor Brede Welvaart* fan it CBS.

<sup>3</sup> Neist kultuer binne dat ek sûnens, ûnderwiis, miljeu en klimaat, wurk en frije tiid, materiële wolfeart, wenjen, wolwêzen, feiligens, mobiliteit, sosjale gearhing en ekosystemen en bioferskaat. It Pon|Telos, *Brede welvaart in beleid: van ambitie naar actie! Een handreiking voor bestuur en beleid*, s.4.

<sup>4</sup> *Cultuurmonitor Flevoland 2019-2021*, 2022, p.5.

<sup>5</sup> De Wrâldsûnensorganisaasje (WHO) konkludearre yn ûndersyk (2019) dat it aktyf of passyf belibjen fan keunst de sûnens en it algehiele wolwêzen befoarderet. Sjoch ek it *Culture for Health Report – Summary*, 2022.

<sup>6</sup> Spitigernôch binne der gjin spesifike sifers foar Fryslân, mar it ekonomysk belang fan de kulturele sektor is op nasjonaal nivo wol goed sichtber. It oandiel fan kultuer en media yn it bruto binnenlânsk produkt (bbp) yn 2018 berûn 3,4 %. Dy bydrage oan it bbb gie mank mei in wurkgelegenheid fan 4,3 % fan de folsleine wurkgelegenheid. Dêrneffens: it oandiel fan toerisme kaam yn 2018 út op 4,4 %. CBS Satellytrekening kultuer en media 2018, 2. *Cultuur en media en de Nederlandse economie*, july 2021

<sup>7</sup> Het PON & Telos, Pyrrhula Research Consultants en Boekmanstichting, *Nulmjitting Kultuurmonitor Fryslân*, maart 20223, p. 28

<sup>8</sup> *Nulmjitting*, p. 29

<sup>9</sup> *Nulmjitting*, p. 26-27

<sup>10</sup> Foar it ûndersyk is in fragelist útset ûnder 30.000 húshâldens yn Fryslân. Dêrneist is it ûndersyk ek fia in social mediakampanje ûnder de oandacht brocht. Hast 2.800 Friezen fan 18 jier en âlder hawwe de enkête ynfolle.

<sup>11</sup> Ek fiert WTN in stevige lobby rjochting it Ryk, ûnder oare foar in earlikere ferdieling fan de Rykskultuermiddels.

<sup>12</sup> De beskikking fan it Ryk wurdt yn de earste helte fan 2024 ferwachte.

<sup>13</sup> It Platform Popcultuur Fryslân hat yn de perioade 2021-2024 ek middels ûntfongen út de SPUK.

<sup>14</sup> Yn de perioade 2021-2024 hat it Kultuer Kollektyf middels ûntfongen út de SPUK.

<sup>15</sup> It Fûns foar Kultuerpartisipaasje hat Fulkaan yn de perioade 2021-2024 finansjeel stipe, de provinsje hat it projekt ynsidinteeel stipe. De provinsje stipet it Frysk Jeugdorkest sûnt 2021 út de regeling Keunstynfra wei.

<sup>16</sup> Ried foar Kultuer, *Toegang tot cultuur; op weg naar een nieuw bestel in 2029*, 26 jannewaris 2024.

<sup>17</sup> Beliedsbrieff Fryslân en Europa 2020-2023, fêststeld troch PS op 27 maaie 2020, s.6-16.

<sup>18</sup> *Nulmjitting Kultuurmonitor Fryslân*, Pyrrhula Research Consultants, Het Pon & Telos en Boekmanstichting, maart 2023.

<sup>19</sup> Noardelike Rekkenkamer, *Achter de coulissen. Een onderzoek naar cultuurbeleid in de provincie Fryslân*, jannewaris 2024, s.10.

## Kolofon

### Tekst

Provinsje Fryslân  
Tweebaksmarkt 52  
8911 KZ Leeuwarden  
058 - 292 59 25  
provinsje@fryslân.frl

### Oersetting Frysk

Martsje de Jong  
www.martsjetekst.nl

### Foarmjouwing en digitale tagonklikens

GH+O Communicatie  
Zuidergrachtswal 3  
8933 AD Leeuwarden  
www.ghocommunicatie.nl

### Fotografy

Bart Lindenhovius  
www.bartlindhovius.nl  
Repetysje JDOP 2024; Ritse @ Fenix Festival, Friesland  
Pop 2024; Queer Factory @Fenix Festival, Friesland  
Pop 2024; Repetysje Jeugd Dans Opleiding Fryslân  
2024; Fanfare EMM, Aldegea SWF 2024; Jeugd Dans  
Opleiding Fryslân, 'Moving Forward' 2024; Jongeren  
en fotografy, Voorheen De Gemeente 2024; Tryater,  
'Thúsblaze', 2024; New Noardic Wave 2024; Repetysje  
Jeugdtheater Meeuw 2024; Wurdkeunstner Oane  
Marten van der Veen 2024; Museum Belvédère 2024;  
Ferhaal fan Fryslân, Fries Museum 2024; Museum-  
ferhalen @ Fries Museum 2023; EMM, Aldegea SWF  
2024.

Piet Douma  
www.pdf-grafie.nl  
Sijbe Knol, deputearre Kultuer Fryslân; Iepenloftspul  
Jorwert 2021; Mear mei Muziek 2022; Aaipop 2023.

Marcel Renou  
www.enrenou.nl  
Befrijingsfestival 2022.

### Druk

Provinsje Fryslân

